

**SKRIFTLIKE FRAGEN, op grûn fan Kêst 39 Reglemint fan Oarder**

Rjochte oan DS / lid DS	It Kolleezje  <b>Underwerp: Lûd fan wynturbines</b>
Ynliedende taljochting (fakultatyf)	<p>De minister fan Ynfrastruktuer en Miljeu hat in 'Kennisbericht Geluid van Windturbines' nei de Twadde Keamer stjoerd (1). Ut ûndersyk docht bliken dat yn Nederlân de wynturbines folle tichter by wenningen stean meie as yn de lannen om ús hinne. Nederlân: 400 m, Wallonië 800 m, Vlaanderen 875 m, Dútslân 900 m en yn Denemarken 1050 m. Dit strykt net mei wat it ministearje dêroer earder oan de folksfertsjintwurdiging berjochte hat. Neffens har soe de Nederlânske noarm <i>net</i> dúdlik ôfwike. Dizze kwestje kriget no omtinken yn de parse (2).</p> <p>(1). <i>Kennisbericht Geluid van Windturbines, versie 1.0, 22 july 2015, KST 33612 nr. 50, bijlage 2015D28884</i></p> <p>(2). <i>NRC, 7 sept 2015</i></p> <p>Yn dit ferbân hawwe wy de folgjende fragen:</p>
Fraach / fragen	<ol style="list-style-type: none"><li>1. Binne jo op de hichte fan de ynhâld fan dit <i>Kennisbericht</i> ?</li><li>2. Binne de feiten sa't dy yn it ûndersyk nei foaren komme neffens jo korrekt, of hat de minister gelyk?</li><li>3. Wat fine jo fan de feiten sa't dy no nei foaren brocht wurde?</li><li>4. Oer de gefolgen<ol style="list-style-type: none"><li>a. Kinne jo presys oanjaan hoefolle fan de wynmûnen op lân yn Fryslân no minder as 400m, minder as 800 m en minder as 900 m fan wenningen ôfsteane?</li><li>b. Wat betsjut dit gegeven foar de omwenners, mei it each op de (noarmen foar) lûdsoerlêst?</li><li>c. Wat binne neffens jo de gefolgen foar de wynmûnen op lân yn Fryslân?</li></ol></li></ol>

Yntsjinner(s)	(fraksje / namme / hantekening)  FNP, Klaas Fokkinga
---------------	------------------------------------------------------------

Datum	15 septimber 2015
-------	-------------------